



YN 'E NIJE PRONK

KARSAMLING
STIMMIGE
EN FLEURIGE
FOARDRACHTEN
FEN
A. M. WYBENGA



Uitgefta: Firma A. J. SCHRAAF - DOKKUM - 1932

YN 'E NIJE PRONK I

YN 'E NIJE PRONK

KARSAMLING
STIMMIGE
EN FLEURIGE
FOARDRACHTEN
FEN
A. M. WYBENGA

I

Utjeftet: Firma A. J. SCHAAF - DOKKUM - 1932

Forantwirding.

De Utjowster forsocht my tastimming ta in twade printinge fen in mannich fen myn âlde stikken, lyk as dy to finen binne yn myn boekjes LODDESPITTEN en FOAR DE FÂST WEI. Ik koe dêr min op tsjin wêze. Lykwols, by it trochblêdzjen fen myn foarich wirk stuite ik, ek by de stikken dy't for dizze twade printinge yn oanmerking komme koene, wol gauris op koepletten en rigels, dy't my net foldiene. Sadwaende, scoene hja yn dizze tiid it publyk oanbean wirde kinne, moast der gâns yn om arbeide wirde. Dêrfendinne komme dizze útsochte en foroare âlde stikken nou yn it ljocht YN 'E NIJE PRONK. Ek binne, for de gaedlikheit inkelden byfoege, dy't noch net earder de wrâld op west hawwe. Binne gûnt út it Hollânsk oerset, yn somlike oaren binne motyfkes forwirke, dy't ik sa hjir en der alris foun haw.

Myn hertewinsk is, hja meije for ús jongfolk, en ek wol for de âlderein, noch folle fortuten opsmite, ljeafst net minder as nés in foech tweintich jier dat mei myn earste stikjes it gefal wier, ta nocht en goede wille fen de taharkers en ta tsjinst fen de tael, dy't opkomt út ús eigen Fryske wêzen.

Da Costa's Lofliet.

Yn djipten fen leed en yllinde forsonken,
 Bidwelmjende dreamen yn 't bluistrige hert,
 Mei neilen fen ûnrêst trochpript en trochklonken,
 Wier 't libben my lijen en flymjende smert;
 Myn lêst wier sa swier yn myn toarrens to dragen,
 Myn tinken wier wanhope oan wrâld en oan God;
 Yn barnende langstme toskroeiden myn dagen;
 Myn hûngrjende siele forkwoun yn syn lot;
 Ik socht al en rôp, nei de winsk fen myn herte,
 Nei alles, dêr't de ierde mei lokket en flaeit;
 Ik liet nei myn flesk en myn eagen my sette,
 'k Woe ridderfortsjinst, dy't om ljeafdelean draeit,
 'k Socht palmen as wrald- en as folkebitwinger,
 'k Socht krânsen mei 't sjongen fen 't lofsang en liet,
 Mar... 't skaedbyld dreau wei for de taest fen myn finger,
 Al idelens, iidler den de idelheit wier 't.

Yn djipten fen ûnheil forsonken, biditsen,
 Fortoarste myn siel nei de libbene God;
 Mar 't each, mei de skyl fen de sünden bilitsen,
 Seach romte noch útwei by 't nytljende lot!
 Ho scoe ek it skepsel, sa sündichlik berne
 De Skepper wer fine mei 't dwyljende hert?
 It Ijocht skynt him nearne, yn gjin hoekje noch herne,
 Hy siket nei de livge en fynt Him dochs net!

Dat Ijocht sjucht er net by it Heidendom skinen,
 Gjin stelsel docht ea him de wei oan 'e hân ;
 Hy fynt it by boete, by wet noch rabbinen,
 Yn tsjustrens fordwile is de tsjinst nei 't forstân !

O God fol ûntfermjen ! Jo seagen myn kwinen ;
 Jou Geast hat my rôdden, mei 't libben bidield ;
 Yn de lenichlik-berne is de rête to finen,
 Yn Christus, Syn lenge, Syn Wird en Syn Bield !
 Dy lenge... Syn hân hat myn eagen oerstritsen
 En de ûngeloofsiiskoarste ûntteide yn myn siel ;
 Ik seach Him, ik joech my, de helmacht is britsen,
 Nou 's 't Wird fen myn God, nou 's de himel myn diel.
 Ik seach Him, biloofd aan de foartstjûrde út Eden,
 De Soan út it laech fen de lijende vrou,
 De Rêdder fen sünders, dy Helper út neden,
 De Drakekop treft mei in deadlike hou ;
 Ik seach Him, foarsein as Hebréér fen namme,
 Ut Abrahams neiteam, út keninklik bloed,
 De sprute, dy't opploeid út de ôfsleine stamme
 Oan Joaden en Heidens Syn skaed jowt en goed.

Ik seach Him, op de alters fen Sion foarskade,
 Yn offers en wetboek fen Horebs forboun ;
 Ik seach Him, de Godminsk, sa fol fen genade ;
 Fen Isrels profeten yn útsichte jown ;
 Ik seach Him, de Woartel fen Davids geslachte,
 Syn Heare, syn Kening en teffens syn Soan,

De God fen de himel, it skeppen by machte,
 Troch de ierke forsmiten as pest fen it lân !
 Mei ús waerd Er minske om de minsken to winnen,
 Myn kwea op Syn lea treau Him del yn Syn lot ;
 Toslein en tospein troch in folk bûte sinnen
 Seach 't krûs Him trochstitsen, forlitten fen God !
 Myn Rêdder, myn Goël, myn Sûndeornielder,
 Myn Master, myn Heilân, myn God en myn Hear,
 Myn Help út dit ûnlân, myn Libbensbistrielder,
 Ho gean 'k nou myn wei ta Jins lof en Jins ear !
 For Jo wol ik stride, for Jo wol ik lije,
 For Jo stiigt myn sang ta in ivige lof,
 Myn krêft en myn amme en myn siel scil 'k Jo wije,
 Oant de ingel fen 't libben my fiert út dit stof.
 Sa binn Jo, myn Kening, yn 't herte my kommen,
 Jo sochten him op, dy't syn Helper net seach ;
 'k Haw 't lûd fen Jins Geast yn myn siele fornommen ;
 Jins wet en Jins Wird is it Ijocht for myn each.

Sa jow me yn myn herte 't gelovige roppen,
 Dat marmerstien spjalt, dat de bergen forset,
 Dat himelfjûr freget en ôftwingt fen Boppen
 En iiskâlde herten yn Ijeafdebrân set !
 Sa jow my to tsjûgjen mei suvere sangen,
 Mei priizjende lieten, mei riizjende lof !
 Yn Ijeaflike psalmen, mei swidende klangen
 Fall himel en ierde for Jezus yn 't stof !

De reindrip.

Der foel in reindrip ût 'e wolken
Yn de oséaen;
Dêr briek er yn 'e djippe kolken
In eigen baen.

„Ik”, suchte er, „dy’t yn wolkens swierde
Moat sa forgean?
Hie oait in skeppingswirk op ierde
Sa'n koart bisteан?”

In oesterskulp, bigien mei 't lijen,
Dat drôf geklei,
Spriek: „Yn myn went is rêt to krijen”,
En naem him mei.

Dêr mocht er as in kening wêze
By 't paelemoer;
De glâns fen fyn bislipo glêzen
Gyng op him oer.

Syn stjurre floreibrens bloeide as blomme
Yn 't waerme dal,
De skitter fen saun kleuren glommen
Yn 't Ijocht kristal.

Do seach, nei tiid fen swiete bannen
Hy wer it Ijocht;
Hy waerd troch pearledûkers hadden
Nei boppen brocht.

Ho flûnkre hy mei súvre lôge!
Lyk nei de rein
It sinjocht brekt yn waerme bôge
Ta kleurfontein.

In pearel rein as 't fammebliere
Yn de ieremoarn,
Mocht hy in diadeem forsiere
In keningskroan.

Elk priizge him, dy’t as in sinne
Him prieljen seach.

Scœ ea myn trien sa wêze kinne
Yn Goades each?

De Ljouwerter reis fen boer Gauke fen Earnewâld.

't Is nou tink lyn, sa'n fjirtich jier,
Do sei sa, op in moarntyd ier,
Boer Gauke tsjin syn Yfke:
,k Moat noch hwet timmerridskip ha,

'k Moat hjoed leau 'k, mar 's nei Ljouwert ta;
Hwet seist' dêr fen, myn wyfke?"

Och och, hwet seach it mins do sûr:
„Dû foart? Nei Ljouwert!? hwet in toer
Dy't my myn man tapartet!
Hwent tinkris ta: sa'n hiele dei
Is den myn Gauke by my wei:
Mar as it moat, den moat it!"

„Nou fanke, wost' ek mei misskjin?"
„O né, sa'n reis kin ik net jin!
Ho kryst' it yn dyn plasse?
Ik bliuw mar fierwei 't ljeafst by honk!
Mar wost' d'r op út — hjir is dyn pronk,
Dy scil by 't reizgjen passe."

It ôfskie foel hjar danich swier,
As gou 't in reis fen trettsjin jier,
Hwet moast se him hwet sizze!
Mar einlings, dochs, hy rekke op sjou
En fear de widen lâns nei Grou;
Hy liet syn skût dêr lizze,

Gyng do mei 't spoar, ús mantsje sei:
„Dat dinges wol ik ekris mei;
Dat moat sa fleane kinne!"

Mar do't er yn dat fleanding siet
Wier 'r neat to helder op 'e tried:
Nou, nou! dat jotste 'er hinne!

Lykwols, 't gyng best, en Gauke wier
Do't hy op 't stasjeönsplein stie
Wer aerdichjes to sprekkken.
Mar.... hwet wier dochs dat Ljouwert great
Hy hie der faek oer praten heard,
Mar 't sà net yn 'e rekken.

Hwent dêr, en 't diich him danich nij,
Forskynde Earnewâlde by
As 't pitsje by de sinne.
Hwet wierne ek alle minsk'en moai;
Syn kammesoal en de oare toai
Koe 't net heal-fearns birinne!

Dochs sloech him greaf poeha net blyn;
Hy tocht: hjir 's fêst in bulte skyn.
Mar... hwet wier dat to mjellen?
In ding, dêr't hy gjin wird for wit;
Hwent sjuchris oan: in keardel sit
Op twa hiel meagre tsjellen!

Dêr belt hwet, — noch in amerij
En... rtts, flucht him sa'n ding foarby!

Nou nou, hwet kin 't al nuver!
It wier op bare ljochte dei,
Hie 't nacht west, grif hie Gauke sei:
„Dit spil is lang net suver!“

Der kamen mear, en, 't giet den sa,
Us reizger woun der gau hwet ta,
Ja, 't spile troch syn holle:
Dat 's doch in moaije flikkerij:
Men flucht yens eigen skaed foarby;
Sa scoe 'k leau 'k ek wol wolle!

Nou pandre Gauke troch de stêd;
Hy waerd al 't nijs to sjen net sêd:
Hwet greate hege wenten!
De Earnewâldster pasterij
Wier dêr in holdernestje by;
In spoen syn eigen klinke!

„Och, siz my, dy't hjir frjemdling bin
Hwer't ik hjir rongen krije kin;“
Sa naem 'r in feint geweken;
Mar dizze wier in earste kraen:
„Och man, ik kan jou niet ferstaan;
Kan jij geen Hollandsch spreken?“

„Nou, nou!“ sei Gauke, „hwet is 't skean!“

Yn Fryslân net ien's Frysk forstean:
Hwer moet dat yetris hinne?
— Nou goede man, vertel mij dan
Waar 'k groote spijkers krijgen kan,
Tominsten as jy 't kinne!“

Do sútle Gauke in winkel yn;
Dat wier meiïens in maggesyn
Fen fytsen, glêdde en nije.
Sjuch dêr, tocht maet, itselde stel!
Mar dy scil my net wer sa kjel
As de earste draeijer krije.

„Wel boer, mot j' ook een rijwiel he?“
Sa foege him de keapman ta
Hier kan j' een puikje koope!
Soo'n honderdfijftig gulden maar
Betaal j' er foor, en jij bent klaar,
En hoeft nooit weer te loope!“

„In hûndert daelders! man gean wei!
Dat liket Gauke nearne nei:
Dêr kin 'k in kou for krije!“
De keapman tocht: in snoade set!
Mar 'k lûk dy boer wol yn 'e pet,
Oars scoe 't me al mâl binije.

„Mar frindlief,” sei er, „loof min raad:
As j' op 'en koe út rijen gaat,
Lacht elk jou út, sú 'k denke !”
Mar Gauke sei: „hwet is 't dochs raer,
Sa'n wiel hat ommers net in jaer:
't Jowt neat, scoe ik wol tinke !”

„Wat seg je daar ?” foel keapman út,
Dat wiel houdt niet 'en jaar 'et út ?
Ik seg, wel twintig jaren!
En geeft 'et niks ? 'en boel gemak
'En kinkel in 'en boerepak
Kan selfs er wèl bij faren !“

„Bidarje hwet,” sei Gauke slûch,
„Jo praet' sa rimpfen en sa rûch,
Mar 'k scil 't Jo dûdlik meitsje:
'k Bidoel, as ik bisiikje woe
Eft ik sa'n wiele ek melke koe,
Scoe elk noch fulder laitsje !

Nou melk ik altomets in kou,
Dat is alhiel sa 't hjert, mar jo
Melk' dy't Jou wielen nimme !
Sa docht soks elk op syn manear.“
Us keapman sei net folle mear,
Hy wier al moai bidimme.

En Gauke rekke wer nei hûs,
Sei: „'k seach dêr wûnders by de rûs,
Mar 't kin me bytsje skille ;
Der is sa'n smack ūnsûvrens by.
Myn wyfke, 'k bliuw mar ljeafst by dy :
Den ha 'k de measte wille !”

It skot.

Hja sieten togeare sa smûk yn 'e bosk
En prætten oer hearlike dingen ;
De dei wier sa moai en de loft wier sa blau,
En hja wikslen mekoarren de ringen.

Hja prætten sa smout en hja sieten sa kreas
Yn hjar bêste, nijmoadrichste pluntsjes ;
Heech song yn 'e beammen in fûgel syn liet,
En hja joech him . . . in pear — pipermintsjes.

Hy jong en sy jong, en de wrâld lokke krekt
Om de feestklok mei faesje to liedien ;
Nou sieten se deun by mekoarren yn 't gêrs,
Strak trouden se om noait wer to skieden.

Och och, hwet makke it forline en 't hjoed
Fen de wûnderste wille hjar dronken ;

Hja wierne by 't Ijocht fen hjar skoan ideael
Alhiel yn 'e takomst forsonken

In skot! — O forskriklik! Hja stouden oerein.
Hwa hie 't op hjar hachjes bigrepen?
Hja binne biloerd! Ef hja binne forret;
Hja fiele yn 't fordjer hjar al slepen.

De faem stiet to triljen as in peppeltsjeblêd:
O freeslik, hwet mocht dit dochs wêze!
De feint is ek flak út syn sintrum forslein
De skrik stiet yn 't hier him to lêzen.

Mar doch sprekt er op as in manspersoan,
Al trillet er ek op syn foetsjes:
„Bikom mar, myn famke, wy libje noch goed
Al hingje hwet skean ek ús hoedtsjes.”

Hja wringt tsjin him oan, mar hja sjucht it wol skoan:
Hjar Sjouke is dochs frijhét bisestre,
Is bleek as in wytling: fèst hat er ek net
Yn him sels to bihearskjen prefestre.

Hja skript om hjar búndoek, ropt: Heit! en ropt: Mem!
Hja snúft en hja snikkert en snottert;
Towyist yn syn herte in lyts griezeltsje moed
Mei 'n suchtsje nei boppen ta klattert.

Hja siikje om hjar fytsen; dy stean' by in beam.
Dêr sjucht de jongfaem it: „o jonge!
Hwet is dizze moart dochs in sierlik gefal:
Dyn efterste fytsbân is spongē!”

It rike wiif.

Hâns woe in wiif mei sinten hawwe:
„'k Bin fen der jeugd ôf sa biret,”
Sa sei er, „'k wol ien ha mei speesje,
En oars den trou ik ljeaver net.

Hwet jowt in ljeaf en aerdich feltsje?
In sêfte hân, in lytse foet,
In kroltsje hier of moai blauwe eagen? —
In tontsje goud, dat 's wol sa goed!”

Do kaem d'r yn 't doarp in nuver frommis,
Mei wyndrich praet en frjemd geswets,
Mei side toaid, mei goud bihongen;
Mar fierders wier 't net folle brets.

Hja wenne by in âlde moeike
Dy't splint bisiet, nei 't ider sei;
Mar hwet hjar heit net by'noar pot hie
Dêr wier, nei 't sizzen, de ein fen wei.

Der gyngen nuvere forhalen :
 Dat wier in man, hiel ryk en loas ;
 Hy *houde* 'im earem en syn sinten
 Biwarre er yn in poepehoas.

Hâns wist net dat in snoade bysfeint
 Dy stalen op 'e lappen brocht ;
 Hy naem it op for súvre wierheit :
 Hy seach dat goud yn 't moaiste Ijocht.

Hy tocht mar fêst : *dy* moat it wirde !
Dy moat ik ta myn wyfke ha :
 En Hâns mei alle staesje 'er hinne ;
 En Gretske pakte daliks ta.

Hy frege ek nei hjar heite rykdom,
 Ho great dy wier : in tontsje ef sa ?
 En Gretske sei : „och hwet scoe 't wêze ?
 'k Wit fêst, det wy *twa* tontsjes ha !”

It dounse en dûzle Hâns foar eagen ;
 Hy miende al al dat goud to sjen,
 En dât scoe alles sines wirde !
 Hwent Gretske wier in ienichst bern.

Hja makken wakkren haest mei trouwen :
 For *him* siet modder oan 'e kloet,

En *sy* kryg' nou in fiks jongkeardel,
 Dat wierre oer beide boegen goed.

De heit sei oan it jonge pearke
 Ien fen syn beide tontsjes ta ;
 Him tocht : hja koenen yn hjar libben
 Dêr noch in bult pleizier fen ha.

En do't it pear de brilloft fierde,
 't Spil goed yn 't kalk bimitsle siet,
 Brocht heit syn gifte op 'e kroade
In âlde jrappettoone wier 't !

It moat weage wirde.

Reinou siet to hoassokstopjen ;
 Mar wier wol hjar hert by 't wirk ?
 Hwerom kipe hja troch 't finster
 Nei dat moundersfeintsje Durk ?
 Hwerom hupple hjar it herte ?
 Hwerom glinstre it Ijochtblauwe each ?
 Wier it den sa hwet bysunders
 Dat sy oan dy moalwein seach ?

„Reinou,” pleage sister Froukje,
 „Hast' wol mirken, bêste faem,

Ho't dy Durk h̄jir hinne loerde?
 — Hwerom krigest' non sa'n kaem?
 Mar ik doar dy wol fortelle:
 Ear't dy feint dy freegje doar
 Kinst forskate sokken stopje;
 Dêr ken 'k bleaë Durk wol foar."

„Och, hwet praetst' fen 't moundersfeintsje?”
 Lake Reinou, „'k ha 't sa net;
 'k Tink, dou haste sels dyn sinnen
 Op dy kante jonge set.
 Och, hwet scil Sierk Rynks den treure
 As er soks fen dy fornimit,
 'k Tink det hy h̄jir noait net werkomt,
 Mar yn oare netten swimt.

Op 'e moalwein siet it feintsje
 En hy tocht oan 't kreaze bern;
 Scoe hja wier wol fen him hâlde,
 En dêrom troch 't finster sjen?
 Mar dy frouljue binn' sa bjuster:
 Hjoed den glimkje se yen ta,
 Moarn is 't boerdtsje alhiel wer omkeard,
 Moatt se neat mear fen yen ha.

Hwerom dogge hja sa wûnder,
 Boartsje hja sa skean en bryk? —

Doch, mocht hja *myn faem* ris wirde,
 'k Wier de keining den to ryk!
 — Op 'e moalwein sit it feintsje,
 Peinzet lang oer 't heldre bern:
 O, sa'n faem ris op 'e side,
 Den wier 't lok net oer to sjen!

Om 'e bûrren kuire 't jongfolk
 Jountyds by it skymrjend Ijocht;
 As de silvren stjirkes gloerkje
 Wirdt troch de iene om de oare tocht.
 Op 'e rydwei mette Durk hjar,
 Bleau by hjar to smoezen stean,
 Mar it bern syn doel to sizzen,
 O, hwet woe dat moeilik gean!

Einlings foun er dochs wer wirden:
 „Wel, hwet seiste, bêste faem,
 As ik *nou* ris mei dy kuire,
 As ik *Snein* ris by dy kaem?”
 „Dou ris komme?” glimke Reinou,
 „Né, dat moat net oan 'e gang;
 Heit seit faek: de bern bigjinne
 Mei dy dingen fiers to jong.

Seach Durk wol ho 't pleagjend fanke 'er
 Neat fen miende hwet sy sei?

„lenkear moat men dochs bigjinne:
 Den 's men letter klear der mei.”
 En hy loek hjar oan syn side,
 Boarte mei hjar siden hier;
 Hwerom laken do de stirkes
 Yn it blauwe omheech sa blier?

Moantsje, siz, — dou koest sa folle
 Minskeberntsjes sa wol sjen:
 Hast' nou op dyn âlde dei noch
 Noait it nocht dêroan forlern?
 — 't Waerd dy joune for dy beiden
 Nei hjar sin to ringen let;
 Froukje lûstre Sierk yn 'e earen:
 „Né, mar hjer, ik ha 't sa net.”

Op 'e moalwein siet wer 't feintsje
 En hy tocht oan 't boartlik bern:
 O hwet mocht er jisterjoune
 Djip yn 't Ijochtblauwe each hjar sjen!
 En yn 't Ijeavjend herte sei er
 Oan dat fanke in iivge trou;
 Reinou, oars net ien, scoe 't wirde....
 En de himel blonk sa blau....

Babel.

En hja seine: „hwet giet noch de Almachtige ús oan?
 Lit Him heech yn Syn himel stil sitte op Syn troan!
 Hjur op Ierde binn' wy en de Minske is hjur Baes:
 It der nou net fen nimme? — 't wier fierstento dwaes!

„For ús 't wyld yn it wâld en de fisk yn it wiet!
 Jowt it nôt ús gjin brea en de hunich gjin swiet?
 En de harp gjin musyk en de drúftros gjin wyn?
 En de frouljue gjin ljeafde? — dat heegre is mar skyn!

Ta in blyk fen ús krêft, ús trochloftich biwâld,
 Lit in teiken ús sette, hwet greats op 'e wrâld;
 Lit in toer ús hjur bouwe, dy't nea wer forgiet,
 En dy't heech mei syn pjuts yn it himelblau stiet!”

En it folk geide it út mei de greatskens yn 't each,
 Ider joech him to skrep en it young eft it fleach;
 Mei de bile en de moker heide elk der op yn,
 En hja wraemden yn 't wâld, wrotten djip yn 'e myn.

En hja strieken de tichels, oer 't liem gyng de brân,
 En de lôge sloech de oune út en Ijochte oer it lân;
 It kamiel sleepte lêsten fen hein en fen fier,
 En de mitsler stie dreech mei de trûfel yn 't spier.

En de wynassen kriesden bij 't kreakjen fen 't tou ;
 Ringen woechs ta in berch it permantich gebou,
 As in sweevjende stêd mei in swidenden glâns,
 In wiidweidigen swéslach fen trans boppe trâns.

En sa dûrre dat moannen al oan en al ta,
 En do boarren de pjutsen de wolkems midstwa ;
 't Greatske herte sprong op: wy binn sterk, wy binn great,
 Hen, dêr stiet er ! en minske noch God dy't ús deart.

En sa wirdt oan ús namme alle de ieuwen lâns tocht,
 As oan goaden wirde ienmul ús offers tabrocht ;
 Moarn is klear ús stik wirk yn syn ivige pracht !"
 En hja open en songen en ... swart kaem de nacht.

Mar de Almachte hijrboppe hearde it opstânnich wird !
 Mar de Cherub des Hearen mei it fûnkeljend swird
 Saeide del yn in wolk do't hja slepten yn 't stof,
 Driigjend swaeide er syn ris en it flikkere en — it trof.

Mei de striel plofte in lûd as in tongrijende knal,
 Ynlîk skodde de toer fen 't basunegeskal,
 Waggljend kreaken de pylders en spjalten fen ien, —
 Mei de Babelse bôgen en mûrren wier 't dien.

En dêr flikkere in wearljocht fen swevel en bloed,
 En dêr draeidwarle in damp, in ûntsachlike gloed ;

In wyndlôgjende flamme sloech heech yn 'e loft,
 Ljochte oer 't pún fen 'e toer, yn syn broazels toploft.

Hommels steurd yn hjar sliep stauwen tûzenen ta,
 En hja skreauden yn wanhoop : „ho komt dit hjir sa ?”
 't Bange skriktoaniel seach hjar forwêzlingen stean,
 En hja loeken hjar 't hier út, forskoerden de klean.

En de broer koe de broer by de namme net mear,
 En de bûrman wier fel mei de bûrman fûnklear,
 't Locht yn 't each wier forbjustre, 't seach skilich en skean,
 En hja koen' de iene de oare gjin wird mear forstean.

Rimpen draeiden hja om, 't gyng hjar kâld oer 'e lea,
 't Wier ef taeste oan hjar herte de pynlikste dea ;
 Yn it yslykst forwarjen socht elk om in paed,
 En hja strofflen en knofflen en flokten fen haet.

En de skrik styng yn 't each en de flok snie yn 't hert,
 Ider rydbooske it út fen in fleindige smert,
 Ider flechte mids stoarmwyn, mids heil en mids rein,
 En hja meaten der hinne en de nacht naem gjin ein.

Lyk it tjef dat forwyndret nei Noard en nei Sûd,
 Lyk in opjage hazze, sa snienen s' er út :
 En de gloed fen 'e brân walme heislik en stom
 Op der flechtingen wei, — en gjin minske seach om.

En de
 fjûrgloed bikomt
 en hja
 fluchtsje net mear,
 En it daget,
 de loft
 wirdt wer helder en klear;
 Mar neat,
 neat,
 dat de strieljende ljochtdraechster sjucht
 As it rikjende pún
 op it plak fen
 it Rjucht.
Nei Emanuël Geibel.

Simsonne útein.

Dêr leit er yn syn ûnmacht del,
 Yn wylde wanhoop wei,
 Dy heilt, yn 't foarge in hege beam,
 In knotte stobbe nou.
 Dêr kwynt er wei yn nacht en near
 En dûble tjusternis,
 Noait sjucht er 't gouden moarnsljocht, noch
 De bergen Isrels wer.

Hy skriemt it út, hy snokt it út,
 En 't walget yn him op :
 Dat njirrebrod, dat 'k makke en briek
 Do 'k sterk wier, hat it woun.

Alear, o, 'k die do hwet ik woe,
 'k Sloech eltse fijân del,
 Ik sjoude Gaza's doarren wei,
 'k Briek 't izersterke tou.

Né, 'k mei net ynjaen me yn dy dei
 Do't ik foar 't earst hjar seach ;
 Hja wier in Filistynske, hja
 Bigfichle en lokke my,

„Forklearje my,” sa leidich kaem 't
 De ljeave lipkes út,
 En 't eachje blonk sa loddrich fluensk
 „Hwer leit dyn sterkens yn ?”

Ik, Naziréér, skoarre wol,
 Faek wier myn antwird skyn....
 'k Wier dochs tsjin de oanstriid net bistân
 Ik joech myn wêzen wei.

„Hwennear men my myn lokken snijt,
 Bin 'k oare minsken lyk !”

En op hijar skirte waerd ik skeard;
Wei wier myn heltekŕeft.

De Filistinen wierne oer my,
En bounen me as in houn;
En, sa 'k myn eagen misse moast,
Miste ik ek faek myn God.

Dochs, — yn myn ieren trillet soms
In fûnk fen de âlde krêft;
Is 't my in teiken fen myn God,
Nou't ek myn hier wer waaekt?

O, as!... mar né, hy tinkt net mear,
Scoe hy, de knoeide beam
Nij útsprute en wer wünders dwaen?
Dy segen wier to great!

Dêr krast wer 't hirde wird troch 't hûs:
„Oerein! 't is tiid, oan 't wirk!
't Is nou gjin tiid fen seamljen mear!”
— Simonne dream wirdt wei.

Men skoert him foart, men triuwt him oan;
Hy mealt de mounle wer;
En trillet ek syn herte oerstjûr,
Syn bleke mûle swijt.

* * *

In freugdesang, in jubelliet
Giet oer 't forhearde lân,
't Rûst júgjend troch fen stêd oant stêd
By 't Filistynske strân.

„Wy bliuwe baes oer Kanaän,
Ta slaef waerd Israël;
Jehova hat it pleit forlern,
Syn folk jowt him wol del.

„God Dagon hat dit wûnder dien
En oan syn feinten tocht;
Nou is 't for ús de greate dei;
Nou dounse wy yn 't Ijocht!

„Júg, reuzesoannen, Dagon ta;
Wy, oersten, foarsten, gean
Yn syn geweltich tempelhûs,
Yn feestlik wite klean.

En 't wyld en dronken dounsjend folk
Ropt: „hjir moat Simson by!
De bline mealder jowt ús nocht,
Sprekt fen ús hearskippij.”

Dêr bringe hja de finzene yn:
Men laet him by de hân;

Faksearjend klinkt it yn syn ear:
„Wy haw dy yn 'e bân !”

Sa spot men mei in boune slaef,
Hy scil gjin wink wjersteān,
En de earmē martler suchtet : „lit
My nei de pylders geān.”

Hy bidt : „Jehova, tink oan my,
Hjar hún docht my sa sear,
Hja slane yn my Jins hillich folk ;
Och, help ús noch ién kear !”

Nou saeit yn him dy wündre krēft ;
Hy 's helt, hy 's d' âlde wer,
En gjalpet : „jowt dit my de dea,
Jim ek, jim allegear !”

Hy grypt de beide pylders oan
Der't Dagons hûs op rêt,
Hy dûkt him, set him skoar, ... ién slach...
Utroeid is 't sündersnêst.

Ién needgjalp, en de tûznen haw
De ein fen hjar húnjen foun,
De krēft fen 't lân leit ûnder 't pún,
De kroan slacht tsjin 'e groun.

Sa reage Simson yn syn dea
Mear den yn 't libben del ;
Sa kaem it tsjuster oer hjar each,
Mar 't locht oer Israël.

Belsasar.

Yn 't keninklik hûs sloech de wille sa heech :
Hja dronken en geaten wer yn ;
Hja priisgen de goaden fen silver en goud
By 't kraeljen fen de edelste wyn.

Dêr dounsen de frouljue, dêr gyng de musyk,
Dêr sprongen de herten omheech ;
Hja swierden en swaeiden mei loddrige laits
Mei fûnkjend en dûbelsjend each.

— Ho great is ús pracht en ho fier rikt ús macht,
Sels Israëls God joech bilies ;
Wy drinke út de tsjilken, weifield út Syn stêd,
Syn folk leit forslein yn 'e ties.

— Hwet scille ús dy wilden fen Perziërs dwaen ?
Hja sakje mei gauwens wol ôf !
Us stêd is sa sterk en de grêft is sa breed ;
Wy hâlde hjir wille genôch ! —

Mar hen, hwet is dêr op dy mûrre to sjen ?
 It herte keart om yn hjar liif,
 De kening stiet stom mei bilitsen gesicht,
 En 't each fen de foarsten stiet stiif.

As fingers allyk fen in hân op 't lewant,
 Dy skriuwe dêr 'n wird op 'e stien ;
 De hân wirdt wer wei, mar it skrift bliuwt der stean,
 En 't dwyljende tjirgjen is dien.

De glâns fen des Kenings gesicht is fordwoun,
 As hie him de Kweade yn 'e wiel ;
 Syn knibbels binn slop en syn hier stiet oerein,
 En 't heazet him stroef yn 'e kiel.

Hy ropt alle wizen fen Babel by'n ien,
 En stammert: „bring ried tsjin ús skrik ;
 De trêdde by my yn dit keninkryk hy
 Dy't útlizzing docht yn dit stik.”

Dêr wetsje de wizen hjar wittentlik brein,
 Mar 't wird is hjar parten to swier,
 Dit giet hjar te stûf, hjar stûket hjar rie,
 Hja stean' mei de hannen yn 't hier. —

Dêr wirdt de bitûftens fen Daniël romd,
 En dré wirdt de heilige brocht :

„Jo moatte ús hjir helpe, forstânnige foarst,
 En jow oer dit riedling it Ijocht.

Den klaeije wy Jo yn it skittrjendst habyt,
 Yn pronk, oan my Kening allyk,
 Mei goud om 'e hals en in stjir op it boarst ;
 De trêdde by my yn it ryk.”

„Hâld Kening”, is 't andert, „Jins goed for Josels,
 En jow Jins forearing in oar ;
 Ik moat tsjin Jo sizze, hwet God tsjin Jo seit,
 Gjin lean nimt Jou tsjinder dêr foar.

„'t Wier God, Dy't Jou heit ta syn hearlikheit brocht ;
 Dy't Nebukadnézar syn ryk,
 Syn greatens, syn eare en syn majesteit joech ;
 Gjinien wier dy kening allyk.

„Mar do't him syn hert yn syn binnenste stiek,
 Hy: „ik haw dit Babel boud !” spriek,
 Do tommele hy fen syn strijeljende troan ;
 't Wier God, Dy't syn hearlikheit briek.

„Do waerd en fen minsken nei 't woaste fordreaun ;
 Do wânle er mei 't fé troch it wâld ;
 Oant einlings er ynseach: 't komt alles fen God !
 Do waerd syn forlies syn bihâld.

„Jo kinne dat witte ; Jo joegen gjin acht
 Op 't wird dat Jehova jo seit :
 Jo hellen Syn heilige bikers mei spot
 En skammen Jou sünden gjin wreid.

„De Heare yn 'e himel, Dy't wit fen Jou wirk
 Seit Jo mei dit diel fen in hân
 Mei 't skrift, dat yn flamjende letters dêr stiet,
 It oardiel oer Jo en Jou lân.

„Hy telde, Hy woeg Jo, bifoun Jo to licht,
 Jou kwea nimt Jo mei nei Jou ein,
 Jou Keninkryk is oan de Perziër jown ;
 Jou kriichsfeinten lizze forslein !“

Dyselde nachts kladdre de Pers yn 'e stêd,
 En wei raende Belsasars macht ;
 Hja fongen de Kening, — 't wier 't oardiel fen God ! -
 Sa foel er, dy eigenste nacht.

It fiskerke.

Der siet ris in fiskerke by de feart
 Yn 't ier fen de simmerdei ;
 It wier him sa goed yn syn fiskerssteat ;
 Blier eage er syn dôperkes nei.

Hy lokke de bearskes ien foar ien
 Allyk mei in toverfluit ;
 En sonken de dôperkes as in stien,
 Hy helle se wer op mei in guit.

En manlich moai bears waerd yn 't koerkelein
 Dat stie op 'e wâl dêr by ;
 En faek hied er sa yn himselfs al sein :
 Gjin better wirkje for my !

Do kaem der in feardich jong fammenbern oan
 Sa fris as molke en bloed ;
 Hja groete sa bliid mei sa'n fleurich goemoarn ;
 Hja miende it, hja miende it sa goed !

„Siz fiskerke, hast' al hwet fongen fenmoarn ?
 En hast' ek in bearske for my ?“
 „Al fong ik ek gâns, dat giet dy net oan :
 Ik fang dochs gjin fisken for dy !“

Hja praeette mar foart oer 'e fiskerij,
 Det hy sels syn fiskjen forgeat;
 Hja wierne sa fleurich, hja wierne sa frij,
 Sa frij oan 'e kant fen 'e feart.

„Nou fisker, ik winskje dy 'n goede fangst
 En fierders in sierlike dei !”
 — Hwet eage hy do mei in nuver forlangst
 Dat sweevjende bern efternei.

Ho koe 't, det hy mei in lêste groet
 Syn dwaen en syn fangst forgeat ?
 Hy rearde de braskoer om mei syn foet ;
 Do foelen se wer yn 'e feart,

 Do swommen de fongene fiskjes wer frij !
 Hwet hat dat ús fisker fortret ;
 Mar slimmer noch stie 't mei 't feintsje der by,
 O fij !
 Hwent fongan wier syn hert.

Tsien lytse pykjes.

Der wierne tsien lytse pykjes
 Al by in wyt âld hin,
 Mar 't hintsje sei : „'k wol wer lizze
 Om't jim sa great al binn.”

Der kuiren tsien lytse pykjes
 Al op in lytse Wier,
 Hja hiene op 'e bûrren
 Sa'n danigen plezier.

Der wjuklen tsien lytse pykjes
 Al om ús âlde toer :
 Ien rekke der yn 'e hage,
 En njoggen bleauwen d'r oer.

Do gyngen dy njoggen pykjes
 De singel troch op jacht ;
 Mar ien forknole syn poatsjes,
 Do bleauwen der mar acht.

Der stapten acht lytse pykjes
 Permantich troch it lân ;
 In skoaijer kaem mei 'n fodsek :
 Do wierne der mar saun.

Der teagen saun lytse pykjes
 De mieden troch op reis ;
 — Hap, hap ! — sei Joastom syn hountsje :
 Do bleauwen der mar seis.

Der sochten seis lytse pykjes
 Yn 't moddersleatsje it gerif ;

Mar ien forsûpte yn 'e blabze:
Do wierne der mar fiif.

Der sjotlen fiif lytse pykjes
Nei 't lân fen 'e Griendeboer;
Mar ien rekke yn 'e tochtsleat
Do bleauwen mar fjouwer oer.

Dy fjouwer lytse pykjes
Dy tipelboarten in kear;
Mar ien kryg' in klap mei de tipstok:
Do wiern' der mar trije mear.

Dy trije lytse pykjes
Biseagen in greate ka;
Dy fûgel friet in pyk op:
Do bleauwen der mar twa.

Do ha dy twa lytse pykjes
In rin om 't hirdste dien;
Mar ien rekke efter 'e pûster:
Do wier der noch mar ien.

Do sei dat iene pykje;
„Ik bin it spil hjir sêd!
Nacht hinnen en nacht pykjes:
Ik gean nou mar op bêd!”

By it stjerbêd fen in jongfaem.

Lang hie se sukkle, o lang hie se laei,
Nou leit hija úttard en stiet it sa faei;
Aenstouns is 't ôfroun; op de ôfpynge lea
Leit de skyn fen it grêf, leit it bield fen 'e dea.

O, 'k haw hijar kennen, sa derten as wy,
O, 'k haw hijar sjoen as de maitiid sa blij
Laitsjend mei 't each, as de himel sa blau; —
Blonk in trien yn dat each, it wier himelske dau.

Blier wier hijar antlit, sa rea en sa soun,
Gol klonk hijar sankje, sa fleurich en roun;
En by de hope: strak trou ik mei Lou
Gyng se boartsjend troch 't libben en wist fen gjin rou.

Mar lyk in roas, der't in wjirrem oan slynt,
Langsum mar wis dochs, fortoarret, forkwynt,
Sa wier ek Antsje hijar moajens forgien;
Yn hijar bêst kwoun hja wei — en nou is 't hast dien.

Nou is 't hast ôfroun, hja wrakselte mei de ein;
Paden mei toarnen bistruid wier se tein:
Lou, dy't allinne om de wille mar tocht,
Sûnder herte as er wier, hie in oarenien socht.

Nou is 't hast ôfroun, hija wrakselt mei de ein;
 Sjuch net nei 't each, nou sa tsjuster bislein,
 Lâng fiers to gleon, ef skriem mei om dy smert;
 By it sjen wirdt it wé, tige wé yen om 't hert.

Mar, trouwe treast by 't bihyplike lot! —
 Wirdt it hjar ûre, den tsjucht se nei God;
 Hwent sy hat leard op hjar Jezus to sjen;
 Mei de dea komt it lok: nei de Heit giet it bern.

Sjuch nou, dêr leit hija, in sike — en noch ien, —
 „Jezus” — 't lêst wird noch, in snokje, en — 't is dien!
 Mar op 'e troanje, — o dy treast op 't gebet! —
 Leit in glimk fen 'e frede, dy't wenne yn hjar hert.

't Roaske hat pronke yn 'e maitiidske skyn
 Mar 't is fortein mei de Noardlike wyn,
 't Bledtsje is forwaeid en it stâltsje leit dôf:
 Mar is 't hjir ek forkwoun, 't bloeit yn 't himelske hôf.

Nei it tsjerkhof.

De loft wier fol laitsjende lijens,
 De wrâld wier in blierkjende blom,
 De fûgeltsjes tsjottren hjar lieten
 Heechriizjend en helder from.

Wy gyngen yndrôvich ús paden :
 Dat knopke fortige sa ier;
 It wier sa'n oannimlik lyts boike
 Dat berntsje fen oardeljier.

't Wier de earste; noch 't iennichste ljeafke ;
Heit hie der sa great op west;
 En *memke* hie sa mei him troaike :
 Nou, hommels, wier 't ljochtsje dwest.

Dêr sjuch ik him lizzen yn 't kistke
 Bifallen en deaditsen wyt;
 Ien wink noch, ién langen, — nou binne
 Wy 't jonkje for altyd kwyt.

De loft wier sa laitsjend en lotter,
 En ljochtsjend en ljeavjend de dei,
 En heech wier de floit fen de fûgels,
 De blomkes fornuveren mei.

Wy folgen yn dimmene hâlding
 't Lyts kistke op 'e rige efternei;
 Us tinzen wiern' dûnker fen drôvens
 En net by de deade wei.

Wy brochtem him deun by de tsjerke,
 't Earweardige hûs ta Gods ear.

Hwet wier it dêr trystich yn 't grefke;
Hwet docht noch dy klûtbûns sear.

Wy ha noch hwet praten yn 't stjerhûs
Oer 't wytgjen fen 't Hillige Boek,
En fielden hwet bân fen bisibbens
Om britsene herten loek.

Do binne wy ider ús swé gien. —
't Lyts wentsje stiet kant by de wei,
Mar dêr yn bliuwt it iensum en liddich
En de mem skriemt de gânsklike dei.

Douwe en Doutsen.

Hwet wier 't wol bryk mei Douwe gien
Dy soan fen Pier en Akke,
Hwet hied 'r in krûmme slaggen dien
En núvre srongen makke.

Hy boerke bjusterfrijemd troch 't lân,
Wylst 't mâlle al meast syn tier wie',
Hy hie sa'n tweintich fammen hawn
Foardet er tweintich jier wie'.

Mar sont hy Dout, 't kreas fanke seach,
Dy dochter fen boer Hinne,
Sont stie him jimmer Dout foar 't each,
En Doutsen mar allinne.

't Waerd wintertiid ; de strange hear
Wer út it Easten kommen,
Biteikne it rût mei fear by fear,
Moai as de moaiste blommen.

It iis waerd sterk ; hwet blonk de baen !
Hwet rieden pear by pearen !
Hwet koe 't in nocht en wille jaen,
Dat skeuvljen nei 't bigearen.

„Liz op !“ rôp Doutsen Douwe ta
Wylst hja syn hannen fette,
„Hwet moat, dat moat !“ wier 't wird, mar 't „ja !“
Wier klopjend yn syn herte.

Hwet swierde 't pearke 't baentsje lâns,
Hwet ider skoan hjar gunde ;
„Hwet binne Douwe en Dout hwet mâns !“
Sa laken frjeon en kunde.

Hy praette smout, hy praette swiet,
Hja moast sa faek ris laitsje,

It snippe, fleurich fanke liet
Syn slaggen hjar wol smeitsje.

It deijocht koartte al skielkjes yn
As gyng it yn in roes sa ;
En 's jountiids, yn 'e moanneskyn
Brocht Douwe Dout nei hûs ta.

En do't it pear by 't stekje stie
En Doute wang sa rea wie'
Wist Douwe det er foardre wie'
By 't fanke dat er ljeaf hie.

* * *

Dagen driuwe as dampen hinne
Wiken wirde as wolkems wei,
Op 'e weagen, yn 'e wieling
Sile ús sûr en swietens mei ;
Alle skitter foar ús eagen
Pronket mar in amerij. —
Sa fleach ek for Douwe en Doutsen
Mear as rêd in jier foarby.

Oer de wytbirûgle fjilden
Strielde it silvren moantsjeljocht,
Do't bij 't jountiid Douwe fleurich
Wer syn faem nei hûs ta brocht ;

Fen de blauwe himelhichte,
Glânzgjend rein, ûneindich klear,
Glimke it ljeaflik stjirgeflonker
Sûntsjes del op 't lokkich pear.

En hja stiene wer by 't stekje,
En hjar wang wier bloejend rea ;
Douwe's warden raenden wûnder
Yn hjar earen ta in bea :
„Fanke, Dout, wy kenne inkoarren ;
Song dit jier gjin blide sang ? —
Scoestû mines bliuwe wolle
Hiel ús fierder libben lang ?”

Stiltme dreau om hjarren hinne,
Heilge stiltme for dy twa ;
Mar hjar eagen glinstren hearlik,
Mar hjar eagen seine : „ja l”

* * *

Al is de minske sterk, syn sterkens kin fordwine
Al stiet de minske yn bloei, de blommen komme, en kwine
Sadré Gods hân mar winkt ;
Sadré de Noardewyn oer 't blierkjend ierdryk bilet
Forkwynt de moaiste roas en 't bloejendst blomte wilet,
De kreazens riist en sinkt :

Dout leit op 't sēfte bēd en tinkt oer hwet forroun is,
 Ho't hy, alear sa'n biis, for 't stille herte woun is,
 Det hy dēr oanhāld socht;
 Hy lūstre hjar fen lok, fen heil yn fēste minne;
 Dat is dy blanke striel fen hege himelsinne,
 En 't is sa ljocht, sa ljocht

Mar hén, hwet frjemde gloed skoxt sijsjend hjar troch
 de ieren?
 Hwet ynkâlde amme fielt se oer 't húvrjend antlit slieren?
 Hwet wé slacht hjar yn 't hert?
 Hwet klopje hiel hjar lea en trilje fleach by fleagen!
 Hwet dounset spoek by spoek kâldgnyskjend foar hjar eagen!
 Hwa hâldt hjar kiel biset?

Hja wrot en wraemt yn 't bēd, en kin de sliep net fetsje;
 Hja draeit hjar om en om, gjin wrantlijen wol hjar flotsje,
 En 't kjessen fielt sa hyt!
 Hwet 's dat?... kin se op dit stuut hjar eigen each bitrouwe?
 Stiet flak foar 't bēd, mei 't mēs hjar driigjend dēr hjar Douwe?
 Sy skriilt... sy swit... sy kryt!

Hwet lok! 't wier mar in droam dy't hjar de geast binauve,
 Hwet heil! dat aeklich bield mei driigjend ūnk forflauwe,
 Dochs wirdt it lang net goed.
 De dei brekt einlings oan, de gouden sinne daget,
 Mar bringt gjin rēst for Dout: in h jitte koartse jaget
 Hjar flymjende troch 't bloed.

En dagen dreaugen wei, en dagen waerden wiken;
 En sakket ek de koarts, Dout bliuwt dochs út 'e liken;
 't Bliuwt hyt en near op 't boarst.
 Sa krûpt de maitiid wei, allinken komt de simmer;
 Hjar krêften wirde wei: hjar pinigt jimmer slimmer
 Sa'n rauwe, droege豪ast.

Wol sei se faek mei moed: „'k scil 't wol to boppe kommel!”
 Mar foel 't meilijend each op 't antlit fen dy blomme
 It waerd yen swier to moed:
 De tsjûgen fen de kwael, dy't nea wer wiket,
 Hwêrtroch sa mannichein yn 's libbens jeugd biswiket,
 Mirk men mar àl to goed.

Lyk as in drenkeling, dy't earst tsjinaksle en skripte,
 Syn krêft biswiken fielt, weisinkend nei de djipte,
 Him festklampt oan in strie, —
 Sa gyng it Douwe in skoft, hy woe 't himsels net wêze,
 Al koed er ek de dea op 't meagere antlit lêze,
 Ho slim, ho wif it stie.

Hy woe 't net leauwe, dat dit libben hast oan de ein wie',
 Hy koe 't net leauwe dat syn hope as reek forflein wie',
 Al sei 't forstân 't him ek;
 Hy tochte by de skyn fen helderste eagenblikken:
 „Hja libbet al wer op, 't bigjint him hwet to skikken!”
 Mar 't foel aloan tobek.

Wèr is in jier forroun, wèr komt de winter harren
 Mei kjeld en snie en iis; wèr sjucht men elk him warren
 By sinne- en moanneskyn; —
 Mar hwa't ek lokkich is, en fleurich riidt, gjin Douwe:
 Syn hope op betterskip is nou alhiel forflauwe;
 Dat loftkestiel foel yn.

Hy wier sa pas by hjar dy't noait net út syn sin is,
 Dy't dêr op 't stjerbêd leit, sa mêt, sa min as 't kin is,
 De dea foar eagen sjocht;
 En yn 'e neare nacht giet húvrjend hy nei hûs ta,
 Sa drôf, sa pynlik drôf, en yn in wylde sùs sa,
 Sa sùnder hope ef Ijocht.

't Kestiel fen lok troch him yn Doute ljeafde opritsen
 Waerd by syn hannen ôf sa stadichoan forbritsen:
 Toslein foel stien by stien.
 Wer sjucht er foar syn each dat bleke, gammle wêzen
 Ta'n wite skyn fortard, yn de uterste ûnmacht lizzen,
 En helpe biedt gjinien.

En lyk er 't freesde, kaem 't: yet efkes flikkre flamke
 In toarntsje heger op fen 't delskroefd libbenslampke
 En... 't fanke wier in lyk.
 God wonk, en hwet kinn' wy tsjin 't wollen fen de Heare?
 God woe 't, en nei Syn rie scil elk ta 't stofryk keare:
 Der is oars gjin ûntwyk.

* * *

Nou is de slach den fallen,
 Nou siel en lea ûntboun:
 Dy sêfte, ljeave Doutsen
 Rêst yn de kâlde groun.
 Hjar âlders — mear den nei is
 Dit slim forlies hjar gien, —
 Forgeaten by hjar grêfkrâns
 Sa man nich h jitte trien.

Hjar Dout, hjar iennichst fanke
 Hjar fleur op de âlde dei,
 Hjar treast for nou en takomst
 Is wei, for altyd wei.
 En Douwe? nearne om tocht er
 As om hjar hinnegean;
 Hy hie dy bleke troanje
 Sa truerich foar him stean.

Hy hearde àl troch dy wirden
 Hjar wringjen út 'e kiel:
 „O Douwe — strak — moa' 'k stjerre, —
 Mar — ho scil 't — mei — myn siel? —”....
 Wier sùnder rjuchte hope
 Den 't lijend fanke stoarn?
 Hja hienen op dy frage
 Gjin treastgjend antwird hawn.

En 't nypte Douwe yn 't herte:
 Is Doutsen den forlern ?
 Is yn dit nachtlik tsjuster
 Gjin dage mear to sjen ?
 O, dagen, wiken tocht er
 En socht er dêr op nei ;
 Dit brocht him dûnkre dagen
 Op dizze dûnkre wei.

Mar út de Hillge Skriften
 Kaem frjeonlik-wei in stim :
 O siikje treast by Jezus
 Fortrou yn 't leed op Him !
 De Heare joech hjar 't freegjen,
 En 't freegjen jowt bihâld :
 Kom, siikje treast by Jezus
 Dy Rêdder fen in wrâld.

As drippen himeldauwe
 Op 't brânnich, toarstich lân,
 Foel 't Godswird yn syn siele
 En naem er Jezus oan.
 Hy wist syn skild bitelle
 Yn 't hillich offerbloed,
 Der saeide frede yn 't herte ;
 't Waerd rêtstich wer en goed.

Wol dûnker hie syn wei west ;
 Hy wier troch djipten gien,
 Mar yn it nearste tsjuster
 Hie hy Gods Wird forstien.
 Syn ierdske hope is weitard,
 Syn ljeafdelok fordwoun ;
 Mar moast er Dout forlieze,
 Hy hie syn Heilân foun.

In skat út sé.

De hjerststoarm gûlde oer 't skolprjend djip
 Mei heislik wyld gebear ;
 Hy smiet de weagen foar him út,
 As wier in weach in fear.

De winen tongren oer it wiid
 En skoerden, hoart by hoart ;
 De loft — it reinde eft getten waerd, —
 Dreau leech, as roet sa swart.

't Unmijtlik wide pyklich wiet,
 Forheistere op syn sté,
 Sprong brûzjend út syn dobbe omheech ;
 In wylde ûntimbre sé.

De winen boldren troch it tou
 Fen 't skip mei wreed gehoart,
 En swypken, eft in dopke wier,
 De trijemeester foart.

„Nou binn wy ticht by Hollâns kust”
 Forklearre de kaptein,
 „Barn 't needskot los !” en oer it wiid
 Wjergalme it útstjûrd sein.

En fierder, fierder dreau it skip
 De kant út nei it lân ;
 Al neijer, neijer kaem 't gefaer
 Fen bank, ûndjipte en strân.

't Skip suchte en kreake oer al syn lea,
 De weagen skommen d'r oer ;
 En 't folk, yn de eangstme for de dea
 Wier ta de dea oerstjûr.

In skok ! en kreakjend knapte it skip ;
 't Siet tsjin in sânbank slein.
 't Roun ôf ! it moajie sékastiel
 Loek sinkend nei syn ein.

't Folk wist himsels gjin ried mear, elk
 Stie dûm fen eangstme yn 't lot ;

En dy't oars om gjin bidden tocht
 Rôp nou : „o help, o God !”

Mar hwa't ek dwilen op dit stuit,
 Kaptein en stjûrman net,
 Hja stiene pal. „De boaten út !”
 Spriek de earste, kras biret.

Dêr komt fen út it twiskendek
 In jonge, kreaze vrou ;
 Rêd stoarremt hja op de stjûrman yn :
 „O dierbre !” kryt hja rau ;

„O Wessel ! o, ús skip forgiet !
 Mar as wy stjerre moat,
 Lit ús den op ienselde stuit
 Hjir sinke, hert oan hert.”

* * *

't Wier heard oan 't strân det skot by skot
 Oer 't skomjend wier wjerklonk ;
 En, liet it stoarmje en reine en dwaen,
 Gjin fisker bleau by honk.

Dêr einlings, kaem in skip yn 't sicht
 Mei 't alfste skot wjerklonk ;
 Men seach, ho 't nei de bank tadreau,
 Wist, ho't de dea dêr wonk.

„Dêr moatt wy hinne!” ropt der ien,
In drege, foarse maet;
„Né,” seit syn bûrman, „Simen, né!
Ik leau net, det dit baet.”

Syn wiif fornimit hwet Simen wol,
Sy klaget: „né, net foart!
Den komst’ net libben wer!” Hy seit:
„Ja fanke, ja, dit *moat!*”

Wylst makket hy syn fartûch los:
„Hwa helpt my by ’t krewei?”
Syn foarbyld moedigt: tûk biret
Gean noch in stik-fiif mei.

En dwers troch ’t skomjend golfgebrûs,
Dat ûnk foarseit en wé,
Kliuwt dêr it lytse skippersboat
De woest forbolgen-sé.

Nou driuwt de lytse skuit yn ’t leech,
Den stiet hja op in weach;
Mar ’t seistal, kampend tsjin it waer
Hâldt fêst syn doel foar ’t each.

De baren boartsje mei de dop,
It skom flucht wit-ho-heech,
Mar de eable manskip yn it boat
Bliuwt fêstbiret en dreech.

Hja komme neijer, neijer dochs,
Ho’t sé en wyn ek kringt.
Dêr binn’ s’ er! krekt op ’t selde stuit
As ’t folk yn boaten springt.

Kaptein lykwols, oan de ein ta trou,
Stiet noch op ’t sinkend dek;
De boatsman, stjûrman en syn vrou
As lêsten bleauwen ek.

Dêr ’s Simen mei syn boat by ’t wrak,
Springt rôd op ’t sëskip oer,
En ropt: for fjouwer haw ik plak,
Mar gau, de tiid is djûr!”

Dochs, wilens hy dy worden seit
Sjucht hy de stjûrman oan;
Dit is, sa sjit it troch syn brein,
Dit is myn eigen soan!

„Heit!” jûgt de stjûrman, „heit! myn heit!”
— Dat wier ’n oandwaenlik sjen! —
„Nou mei,” seit Simen, „gau op ’t boat,
Oars bistû noch forlern!”

Dêr sylden trije boatsjes nou
Foarspoedich nei it strân;
In lyts ketierke letter stie
Al ’t rôdden folk oan lân.

En Simens wiif ? hja stie forslein,
 Hja lake en skriemde bliid !
 En oandien tanke hja hjar man
 For syn dryst weage striid.

„Mem, as der Ijue to rêdden binn',
 Hâld my den noait tobek”,
 Seit Simen, „hwent men fynt op sé
 Yens eigen ljeafsten ek.

O, lit ús God hjir tankje, det
 Ik skatryk by dy kom :
 Us soan gyng mar allinnich foart,
 Twa bern ha wy werom !”



Ynhâld.

	Blêdz.
Da Costa's Loflet - Stimmich	5
De reindrip - Stimmich	8
De Ljouwerter reis fen boer Gauke fen Earnewâld Fleurich	9
It skot - Fleurich	15
It rike wiif - Fleurich	17
It moet weage wirde - Fleurich	19
Babel - Stimmich	23
Simsonne útein - Stimmich	26
Belsasar - Stimmich	31
It fiskerke - Fleurich	35
Tsien lytse pykjes - Fleurich	36
By it stjerbêd fen in jong faem - Stimmich	39
Nei it tsjerkhof - Stimmich	40
Douwe en Doutsen - Stimmich	42
In skat út sé - Stimmich	51

Flateroanwising.

Bledkant 7, 2e rigel fen boppen ôf stiet *ierke*, moat wêze: *ierde*

- | | | | | | | | | | |
|-----------|---|---|---------|---|---|-----------|---|---|----------|
| „ 11, 16e | “ | “ | “ | “ | “ | greaf, | “ | “ | great |
| „ 14, 18e | “ | “ | “ | “ | “ | fûlder, | “ | “ | fâlder |
| „ 16, 2e | “ | “ | ûnderen | “ | “ | Towist, | “ | “ | Towylst |
| „ 20, 2e | “ | “ | boppen | “ | “ | non, | “ | “ | nou |
| „ 25, 4e | “ | “ | ûnderen | “ | “ | tjef, | “ | “ | tsjef |
| „ 31, 4e | “ | “ | “ | “ | “ | wilden, | “ | “ | wylden |
| „ 41, 2e | “ | “ | “ | “ | “ | brochtem, | “ | “ | brochten |

